

In memoriam Jan Poutsma

Lêstendeis, op 22 july om presys te wêzen, is Jan Poutsma ferstoarn. Wy, Deputaten Fryske Earetsjinsten, binne tige skrokken fan dat berjocht. Fanwegen de koroanakrisis hienen wy inoar al in skoft net moete. Us gearkomste fan 19 maart koe net trochgean. It sil dus oan 'e ein fan ferline jier west ha dat wy inoar foar it lêste sjoen ha. Doe wie Jan noch sa sûn as in fisk, foarsafier't wy wisten. En no is er al wei. Wy kinne der net oer út.

Ik haw begrepen dat Jan de lêste tiid lest hie fan allergear lytse ûngemakken. Mar dat soe wol wer oerbetterje. Dochs wurde Jan hurd minder. Hy koe hast net mear rinne, like ynienen wol tsien jier âlder. Ien fan syn soannen hat doe in typearjende foto fan him makke: Jan dy't yn it selskip fan in soan noch genietet fan it moaie fan de skepping en it goede fan it libben.

Onlangs, op 22 juli om precies te zijn, is Jan Poutsma overleden. Wij, Deputaten Fryske Eartsjinsten, zijn erg geschrokken van dat bericht. Vanwege de coronacrisis hadden we elkaar al een tijd niet ontmoet. Onze vergadering van 19 maart kon niet doorgaan. Het zal dus tegen het eind van vorig jaar geweest zijn dat we elkaar voor het laatst gezien hebben. Toen was Jan nog zo gezond als een vis, voorzover wij wisten. En nu is hij al gestorven. Wij kunnen er niet bij.

Ik heb begrepen dat Jan de laatste tijd last had van allerlei kwaaltjes. Maar dat zou wel weer overgaan. Toch ging Jan snel achteruit. Hij kon haast niet meer lopen, leek ineens wel tien jaar ouder. Eén van zijn zonen heeft toen een typerende foto van hem gemaakt: Jan die in het gezelschap van zijn zoon nog geniet van het mooie van de schepping en het goede van het leven.



Uteinlik is er dochts mar nei it sikehûs gien. No soe de saak wol ûndersocht en oanpakt wurde. Mar it iennichste wat noch dien wurde koe, wie ophâlde mei de medisinen dy't er foar syn hert brûkte, om't dy net goed winen foar syn lever. It hat net mear helpe mocht. Nei tsien dagen is Jan yn it sikehûs ferstoarn, twaensantich jier âld.

Jan wie fan it begjin ôf belutsen by it Fryske wurk. Yn 2005 is der op inisjatyf fan ing. Tjibbele Miedema in Wurkgroep Fryske Earetsjinsten oprjochte, om it brûken fan de Fryske taal yn 'e earetsjinsten te stimulearjen. Jan waard foarsitter.

Hoe Frysk Jan wie, wie my doe noch net hielendal dúdlik. It fernuvere my yn alle gefallen dat der by it breamiel fan de oprjochtingsgearkomste yn it Hollânsk bidden wurde. Jan hat syn jonge jierren trochbrocht yn 'e Koarnhinne (Kornhorn), dêr't syn heit dominy wie. Yn Grinslân dus. Mar wol krekt oer de grins mei Fryslân. In soad minsken prate dêr Frysk. Mar oars wurde der thús wol Frysk praten, want de Poutsma's kamen fan Ljussens (Lioessens).

Jan sil ek yn 'e earste gemeenten dêr't er sels as dominy begûn: Frjentsjer en Arum, foardiel hân ha fan syn Fryske eftergrûn. Je komme dochts wat tichter by de minsken as je de taal fan har hert sprekke en fersteane. Mar nei syn Fryske begjintiid hat Jan syn Frysk net mear sa byhâlden. Hy lies noch wolris in Frysk boek: yn syn biblioteek kaam ik de klassikers fan Ulbe fan Houten en Reinder Brolsma tsjin. Mar fierders... Dat waard oars doe't Jan foarsitter waard fan de Wurkgroep Fryske Earetsjinsten. Sûnt dy tiid hat er alle jierren wol in kear as wat yn it Frysk preke. Yn it begjin sette Tjibbele Miedema dy preken noch foar him oer. Mar de lêste jierren rêde hy him der sels wol mei. Syn mailtsjes, earder altiten yn it Hollânsk, wurden no skreaun yn kreas Frysk.

Yn de earste jierren fan de Wurkgroep Fryske Earetsjinsten is der in soad op priemmen setten. Fryske tsjinsten hienen der yn 'e frijmakke-grifformearde tsjerken hast nooit west.

Tenslotte is hij toch maar naar het ziekenhuis gegaan. Nu zou de zaak wel onderzocht en aangepakt worden. Maar het enige dat nog kon worden gedaan, was stoppen met de medicijnen die hij voor zijn hart gebruikte, omdat die niet goed waren voor zijn lever. Het mocht niet meer baten. Na tien dagen is Jan in het ziekenhuis overleden, tweeënzeventig jaar oud.

Jan was vanaf het begin betrokken bij het Friese werk. In 2005 is er op initiatief van ing. Tjibbele Miedema een Werkgroep Friese Erediensten opgericht, om het gebruik van de Friese taal in de erediensten te stimuleren. Jan werd voorzitter.

Hoe Fries Jan was, was mij toen nog niet helemaal duidelijk. Het verbaasde mij in elk geval dat er bij de broodmaaltijd van de oprichtingsvergadering in het Nederlands gebeden werd. Jan had zijn jeugd doorgebracht in Kornhorn, waar zijn vader predikant was. In de provincie Groningen dus. Maar wel net over de grens met Friesland. Veel mensen spreken daar Fries. Maar anders werd er thuis wel Fries gesproken, want de Poutsma kwamen van Lioessens.

Jan zal in de eerste gemeenten waar hij zelf als dominee begon: Franeker en Arum, voordeel gehad hebben van zijn Friese achtergrond. Je komt toch wat dichter bij de mensen als je de taal van hun hart preekt en verstaat. Maar na zijn Friese begintijd heeft Jan zijn Fries niet meer zo bijgehouden. Hij las nog wel eens in Fries boek: in zijn bibliotheek kwam ik de klassiekers van Ulbe van Houten en Reinders Brolsma tegen. Maar verder...

Dat werd anders toen Jan voorzitter werd van de Werkgroep Friese Erediensten. Sinds die tijd heeft hij elk jaar wel in paar keer in het Fries gepreekt. In het begin vertaalde Tjibbele Miedema die preken nog voor hem. Maar de laatste jaren kon hij die klus zelf wel klaren. Zijn mailtjes, eerder altijd in het Nederlands, werden nu geschreven in keurig Fries.

In de eerste jaren van de Werkgroep Friese Erediensten is er een boel op stapel gezet. Friese kerkdiensten waren er in de vrijgemaakte-gereformeerde kerken bijna nooit geweest.

Der gongen noch wol ferhalen om oer de suver legindaryske dûmny Douwe fan Dyk. Dy preke noch wolris yn it Frysk en dat wie wat. Letter gienen de beide dûmny's Clossen inkeld wolris foar yn in Fryske tsjinst. Mar it bleaunen útsûnderingen. Boppedat wienen de beide Clossens ek de jongsten net mear. Yn 2000 wurde der foar it earst in frijmakke Fryske tsjinst útstjoerd troch Omrop Fryslân. Yn dy tsjinst yn Fryske Peallen mocht ik sels foargean. Mar it bleau by in inkeld sweltsje dat noch gjin simmer makket.

Dat feroare mei de oprjochting fan de Wurkgroep ûnder lieding fan Jan. Yn fiif jier hienen in hiel soad tsjerken yn Fryslân alris in Fryske tsjinst hâlden. It wie doe ek wol dúdlik dat it hjir mar net om hobbyisme gie, mar om in tsjerklike saak. It evangelje komt in soad minsken ommers nea tichter op 'e hûd as wannear't it klinkt yn 'e taal dêr't se noch altiten yn tinke en fiele. Yn 2010 waard de wurkgroep dêrom promovearre ta in offisjeel deputaatskip fan de Partikuliere Synoade Fryslân. Op oantrún fan Tjibbele Miedema haw ik doe Jan opfolge as foarsitter. Ik wie yn 2008 fan Rijswijk (Súd-Hollân) ferfearn nei Den Ham (Oerisel), dat ik wy by steat en leverje in aktive bydrage.

Wurk dêr't yn 'e tiid fan 'e wurkgroep al in begjin mei makke wie, koe no ôfrûne wurde. Bygelyks de oersetting fan belidenisskriften en liturgyske formulieren yn it Frysk. Jan hat, tegearre mei Tjibbele Miedema, de twadde ferzje fan de oersetting fan de Heidelberger Kategismus makke. Dy oersetting is troch útjouwerij Van Wijnen út Frjentsjer publisearre. It titelblêd fermeldt mei eare Jan syn namme.

Rûnom de útjefte fan de Heidelberger Kategismus hat der in stúdzjedei west yn Frjentsjer. Behalve de offisjele presintaasje fan it boekje, wienen der lêzingen fan H. van den Belt (yn it Hollânsk) en C. van der Kooi (yn it Frysk). Der waarden lieten songen dy't letter publisearre wurde soenen yn Lieten fan leauwe en langstme, der wie in stedskuier en in buorrel yn Grand Café De Doelen.


Er deden nog wel verhalen de ronde over de bijna legendarische dominee Douwe van Dijk. Die preekte nog wel eens in het Fries en dat was wat. Laten gingen de beide dominees Clossen soms weleens voor in een Friese dienst. Maar het bleven uitzonderingen. Bovendien waren de beide Clossens ook de jongsten niet meer. In 2000 werd er voor het eerst een vrijgemaakte dienst uitgezonden door Omrop Fryslân. In die dienst in Frieschepalen mocht ik zelf voorgaan. Maar het bleef bij een enkele zwaluw die nog geen zomer maakt.

Dat veranderde met de oprichting van de Werkgroep o.l.v. Jan. In vijf jaar hadden veel kerken in Friesland al eens een Friese dienst gehouden. Het was toen ook wel duidelijk dat het hier maar niet om hobbyisme ging, maar om een kerkelijke zaak. Het evangelie komt veel mensen immers nooit dichterbij op de huid dan wanneer het klinkt in de taal waarin ze nog altijd denken en voelen. In 2010 werd de Werkgroep daarom gepromoveerd tot een officieel Deputaatschap Fryske Earetsjinsten van de Particuliere Synode Fryslân. Op aandringen van Tjibbele Miedema ben ik Jan toen opgevolgd als voorzitter. Ik was in 2009 van Rijswijk (ZH) verhuisd naar Den Ham (Ov.), dus ik was in staat om een actieve bijdrage te leveren.

Werk waar in de tijd van de werkgroep al een begin mee was gemaakt, kon nu afgerond worden. Bijvoorbeeld de vertaling van belijdenisgeschriften en liturgische formulieren in het Fries. Jan heeft, samen met Tjibbele Miedema, de tweede versie van de vertaling van de Heidelbergse Catechismus gemaakt. Die vertaling is door uitgeverij Van Wijnen gepubliceerd. Het titelblad vermeldt met ere Jans naam.

Rondom de uitgave van de Heidelbergse Catechismus is er een studiedag in Franeker geweest. Behalve de officiële presentatie van het boekje, waren er lezingen van H. van den Beld (in het Nederlands) en C. van der Kooi (in het Fries). Er werden liederen gezongen die gepubliceerd zouden worden in Lieten fan leauwe en langstme, er was een stadwandeling en een borrel in Grand Café De Doelen.

Jan wie ien fan de organisators fan dy dei, dy't in earste hichtepunt in it bestean fan DFE wie.



Jan wie in man dy't graach netwurkje mocht. It wie syn idee en stel yn alle tsjerken in kontaktpersoan foar it Frysk oan. 'Ambassadeurs' soenen dy neamd wurde moatte. Sa soe de ôfstân tusken DFE en de tsjerken faaks lytser wurde. Jan wie sels wer kontaktpersoan foar de koördinaasje fan 'e Fryske earetsjinsten. Doe't der eins te min dominy's wienen om foar alle tsjerken yn Fryslân in Fryske tsjinst te organisearjen, luts Jan in blik mei kristlik-grifformearde dominy's iepen. Ynienen die it bliken dat der folle mear Frysktalige dominy's wienen as wy tochten. Allinnich al om syn tinken yn mooglikheden sille wy him noch misse. Sa't it ek noch net sa maklik wurdt om in oar te finen dy't it wurk dat Jan allegear die oernimme kin. Bygelyks foar de oersetting fan it lêste belidenisskrift. De Nederlânske Geloofsbelidenis wie ûnderwilens al oersetten. Mar de Learregels fan Dordrecht, dat kealle swier.

Jan was een van de organisatoren van die dag, die een eerste hoogtepunt was in het bestaan van DFE.

Heidelberger Kategismus: ûnderwiis yn 'e kristlike lear

oersetten yn it Frysk fan hjoed-de-dei
troch
ing. Tjibbele Miedema en
dû. Jan J. Poutsma

Utjouwery Van Wijnen - Frjentsjer

Jan was iemand die graag mocht netwerken. Het was zijn idee om in alle kerken een contactpersoon voor het Fries aan te stellen. 'Ambassadeurs' zouden die genoemd moeten worden. Zo zou de afstand tussen DFE en de kerken kleiner worden. Jan was zelf weer contactpersoon voor de coördinatie van de Friese kerkdiensten. Toen er eigenlijk te weinig dominees waren om voor alle kerken in Friesland een Friese dienst te organiseren, trok Jan een blik christelijk-gereformeerde dominees open. Ineens bleek dat er veel meer Friestalige dominees waren dan we dachten. Alleen al om zijn denken in mogelijkheden zullen wij hem nog missen. Zoals het ook niet zo gemakkelijk wordt om iemand anders te vinden die het werk dat Jan allemaal deed over kan nemen. Bijvoorbeeld voor de vertaling van het laatste belijdenisgeschrift. De Nederlandse Geloofsbelijdenis was inmiddels al vertaald. Maar de Dordtse Leerregels, dat was een moeizaam proces.

Oan Jan de taak dy saak wer flot te krijen. Der is op 'e nij begûn mei in oersetting yn gewoane taal. It netwurk dêr't Jan sa stadichoan oer beskikte, die derby fertuten. Want ik tink dat dat foar Jan it twadde hichtepunt wie: minsken út oare tsjerken kennen leare dy't ek krewearren foar it Frysk yn 'e tsjerke.

Ut namme fan DFE hat Jan bestjoerslid west fan Krúspunt, sis mar: de paraplu oer alles wat te krijen hat mei Frysk en tsjerke. Ik tink dat de Fryske oekumene foar Jan in soad betsjutte hat en dat Jan in soad betsjutte hat foar de Fryske oekumene. Net om 'e nocht hat ek it stiftingsbestjoer fan Krúspunt Jan betocht mei in advertinsje yn it Frysk Deiblêd.

Dêryn wurdt ek syn wurk foar de al neamde bondel Lieten fan leauwe en langstme neamd. Mei it oersetten fan lieten hat er net dwaande west. Mar wol mei it útsykjen fan de auteursrjochten, in hûd fol wurk. Hy makke diel út fan de brede redaksje, dy't ek it kontakt mei Jongbloed, de útjouwer, ûnderhâlde. Jan hie hert foar en ek in soad kennis fan de liturgy. Dêrom hat it wurkjen oan in lietebondel foar Fryslân foar him prachtich moai wurk west. Hoe moai, die wol bliken, doe't by syn begraffenis de bondel op de kiste lei.

Aan Jan de taak die zaak weer vlok te trekken. Er is opnieuw begonnen met een vertaling in gewone taal. Het netwerk waar Jan zo langzamerhand over beschikte, wierp daarbij vruchten af. Want ik denk dat dat voor Jan het tweede hoogtepunt was: mensen uit andere kerken leren kennen die zich ook inzetten voor het Fries in de kerk.

Namens DFE is Jan bestuurslid geweest van Krúspunt, zeg maar: de paraplu over alles wat te maken heeft met Fries en kerk. Ik denk dat de Friese oecumene voor Jan veel betekend heeft en dat Jan veel betekend heeft voor de Friese oecumene. Niet voor niets heeft ook het stichtingsbestuur van Krúspunt Jan herdacht met een advertentie in het Friesch Dagblad. Daarin wordt ook zijn werk voor de reeds genoemde bondel Lieten fan leauwe en langstme (Liederen van geloof en verlangen) genoemd. Met het vertalen van liederen heeft Jan zich niet beziggehouden. Wel met het uitzoeken van de auteursrechten, ontzettend veel werk. Hij maakte deel uit van de brede redactie, die ook het contact met Jongbloed, de uitgever, onderhield. Jan had hart voor en veel kennis van de liturgie. Daarom is het werken aan in liedbundel voor Friesland voor hem heel mooi werk geweest. Hoe mooi bleek, toen bij zijn begrafenis de bundel op de kist lag.



Wy betinke Jan as in freonlik minske. Hy wie net sa'n (frijmakke) skerpslijper. Dêr fernuveren minsken fan syn jierren har noch wolris oer. Sa'n emearitus soe wol ynsitte oer hoe't mei de frijmakke tsjerken kaam. Mar Jan wie just ynnaam mei, bygelyks, de ynfiering fan froulike âlderlingen en diakens. Hy wie der bliid mei dat hy as bewenner fan de PKN-pastorij ek útnûge waard yn de PKN fan Didam foar te gean en hat mei freugde it nachtmiel dêr betsjinne.

As emearitus hie Jan wat mear tiid foar it Fryske wurk as syn kollega-deputaten. Dan reagearren wy him wolris wat te stadich op syn mails. Mar it giet ús troch alles hinne dat wy sokke mails, dêr't er ús yn oanfitere, net mear fan him krije en dat wy him hjir op ierde net wer moetsje sille, Of it moast al op de nije ierde wêze.

Wy binne yn ús tinzen en gebeden by Margreeth, by Marijse, Job, William en Lieven, by Jan syn skoansoan en skoandochters, en by syn pakkesizzers. Wy gunne harren de treast fan Liet 141 út Lieten fan Leauwe en langstme:

*Wês stil myn siel as freonen hinnegean
en as dyn triennen rinne yn neare nacht.
Meist foar syn iiv'ge leafde iepenstean
as Hy dij treast jout op dyn bitt're klacht.
Wês stil myn siel, dij wachtet grutter lean;
Hy is dyn Rêder, Hy hat alle macht.*

*Wês stil myn siel, de dei komt neieroan
dat wy foar ivich wenje by de Hear
en sûnder soargen stean yn klearre moarn;
dêr is gjin weet fan leed en lijen mear.
Wês stil myn siel, oant foar de gouden troan
wy 't lofliet sjonge sûnder ein of kear.*

Ut namme fan DFE,

David de Jong

Wij gedenken Jan als een vriendelijk mens. Hij was niet zo'n (vrijgemaakte) scherpslijper. Daar verbaasden mensen van zijn eigen leeftijd zich weleens over. Zo'n emeritus zou wel bezorgd zijn over de ontwikkelingen in de vrijgemaakte kerken. Maar Jan was juist ingenomen met, bijvoorbeeld, de invoering van vrouwelijke ouderlingen en diakenen. Hij was er blij mee dat hij als bewoner van de PKN-pastorie ook uitgenodigd werd voor te gaan in de PKN van Didam en heeft met vreugde het avondmaal daar bediend.

Als emeritus had Jan wat meer tijd voor het Friese werk dan zijn kollega-deputaten. Dan reageerden wij hem weleens wat te langzaam op zijn mails. Maar het doet ons verdriet dat wij zulke mails, waarin hij ons aanspoorde, niet meer van hem krijgen en dat wij hem hier op aarde niet meer zullen ontmoeten. Of het moest al op de nieuwe aarde zijn.

Wij zijn in onze gedachten en gebeden bij Margreeth, bij Marijse, Job, William en Lieven, bij Jan's schoonzoon en schoondochters, en bij zijn kleinkinderen. Wij gunnen hun de troost van Lied 141 uit Lieten fan leauwe en langstme:

*Be still, my soul: when dearest friends depart,
and all is darkened in the vale of tears,
then shall you better know his love, his heart,
who comes to soothe your sorrow and your fears.
Be still, my soul: your Jesus can repay
from his own fullness all he takes away.*

*Be still, my soul: the hour is hast'ning on
when we shall be forever with the Lord,
when disappointment, grief, and fear are gone,
sorrow forgot, love's purest joys restored.
Be still, my soul: when change and tears are past,
all safe and blessed we shall meet at last.*

Namens DFE,

David de Jong